



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

## In spannende episoade út de taalskiednis

Sijens, H.

**published in**  
Friesch Dagblad  
2012

**document version**  
Publisher's PDF, also known as Version of record

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

**citation for published version (APA)**  
Sijens, H. (2012). In spannende episoade út de taalskiednis. *Friesch Dagblad*, 28-4-2012.

### General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

### Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

**E-mail address:**  
[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

## In spannende episoade út de taalskiedniz

Troch Hindrik Sijens

Twa sinnen oer in Dútske televyzjeseanje mei Oberinspektor Derrick yn 'e haadrol: 'Herbert Reinecker war für die Drehbücher sämtlicher 281 Episoden verantwortlich,' en 'All 281 60-minute episodes were written by veteran screenwriter Herbert Reinecker.' Ek al kenne jo amper of gjin Dútsk of Ingelsk, jo lêze daliks bekende wurden dy't lykje op wurden dy't wy yn it Frysk ek hawwe. Yn de earste sin steane bygelyks *für* (foar) en *verantwortlich* (ferantwurdlik) en yn de twadde *all* (alle) en *by* (by, betsjut hjir: troch). Dy wurden litte sjen dat it Frysk, Dútsk en Ingelsk besibbe binne en in mienskiplike Germaanske oarsprong hawwe. Earder stienen de talen tichter byinoar, mar yn 'e rin fan de tiid binne se wat sinsbou, útspraak en betsjutting fan de wurden oangiet gâns útinoar groeid.

Dútsk en Nederlânsk lykje ek wol wat opinoar, dêrom sizze guon minsken (foaral Dútsers) dat it Nederlânsk in dialekt fan it Dútsk is, mar dat moat wy mar 'mit einem Körnchen Salz' nimme. De beide talen binne wol famylje, mar hawwe elk dúdlik in eigen, aparte histoaryske ûntjouwing hân. It Ingelsk en it Frysk binne ek op dy wize besibbe en hawwe elk ek in aparte histoaryske ûntjouwing hân. De oerienkomsten tusken Frysk en Ingelsk kinne noch fûn wurde yn wurden as *tsjerke* - *church*, of *tsiis* - *cheese*. Yn beide wurdparen is de oarspronklike *k* oan it begjin feroare yn in *ts(j)*-lûd, wylst yn it Nederlânsk *kerk*, *kaas* en Dútsk *Kirche*, *Käse* de *k* noch wol stiet. It Ingelsk en Frysk hienen earder folle mear oerienkomsten as no. It moderne Ingelsk hat bygelyks foar *pols* (as oergong tusken ûnderearm en hân) it wurd *wrist*. Yn it Aldfrysk bestie *wrist* ek, bygelyks yn *hondwrist* en *fôtwrist*, dat hjir 'gewricht' (hân-, foetgewricht) betsjut. It Aldfrysk koe ek it tiidwurd *bera* foar 'drage' en 'berne wurde'. Yn it Ingelsk komt noch foar *to bear*, dat 'drage' en 'bern krije' betsjut, likernôch itselde dus as yn it Aldfrysk. It Nederlânsk hat noch it besibbe wurd *baren* ('in bern op 'e wrâld bringe'). Yn ús Frysk is dat *bernje*, dêr't it wurd *bern* fan ôflaat is, dat yn it Aldingelsk as *bearn* (no yn it Ingelsk: *child*) foarkaam en noch yn it Skotsk as *bairn* bestiet. Ek it Ingelske wurd *with* (mei), bestie yn it Aldfrysk as *with* (fan *wither*, Nijfrysk *wjer-*, Nederlânsk *weder*) mei doetiids as betsjutting û.o. 'tsjin, tsjinoer'. Oare Aldfryske wurden dy't yn ús Frysk net mear foarkomme, mar noch wol yn it moderne Ingelsk binne *sella* (*to sell*, ferkeapje), *wrîta* (*to write*, skriuwe), *wita* (*witness*, tsjûge), *lêva* (*to leave*, efterlitte, neilitte), *klenzia* (*to clean*, himmelje), *lok* (*lock*, slot).

Yn de Dútske en Ingelske begjinsin stie it wurd *episode*. Dat wurd komt ek yn it Frysk foar, mar *episode* is net oarspronklik in Germaansk, mar in Frânsk wurd. Dat sit wer hiel oars as bgl. mei *wrîta* of *bera*. Efter sokke taalhistoaryske oerienkomsten en ferskillen sit noch in hiel ferhaal dat in soad neispeuring en ûndersyk freget, wat grif wol 281 spannende 'episoden' of ôfleveringen fan dizze rubryk opsmite sil.